## Yskâld wie se.

**1a**

Yskâld wie se.
Gjin mins dy't it begripe soe, tocht se.
Om't har kleur wat opset wie, altyd al.
Allegear bedroch! Se wist it.
Tagelyk wie se der bliid om —
dat frisse yn har wangen.
Lokkich wie it net fuortgien.
Hoegde se ek gjin útlis te dwaan op praat fan 'e minsken.
"Jo bin smel wurden, frou."
Of: "Jo sjogge der mar wer goed út, frou."
Dêr kaam âlde Roel noch mei, it bakje achterom.
Hoe wie 't mooglik.
Miskien wie it net iens mear sa kâld, tocht se.
Roel kaam hjir al jierren.
"Dat sa sjoch," sei er.
Syn reis wie nimmen fergees, by de lêste pleats yn 'e plasse.
Kofje hie se ek altyd wol.
Se frege dan: "Kofje? Gean efkes by de kachel."
Hy kwikte der suver fan op.
"Wol jo in pear bewosken reade boesdoeken mei hawwe?" sei se.
Tagelyk lei se al wat op syn bakje.
Sokken?
"Dat der ek noch by?" sei er.
Ja hear, se hâlde him altyd in bytsje mei yn 'e klean en yn 'e busdoeken.
"Noflik," wie dat, sei er faak.

**1f**

In leech gefoel bekroop har.
Gjin kij. Snie, snie, snie.
Mar de tiid dat it fé wer yn 't lân rûn,
rûnom de pleats, kaam wer oan.
Wa seit dat no ek?
"Fahrwohl, koartstondich libben, hânfol dagen…"
Hie se it net ris lêzen?
Se hie it fêst noch wol yn in skrift stean.
Soms plakte se soks yn.
Ek wol skreau se soks op.
Yn in ferlern eachenblik wie 't sa beslutsen.
Dan wiene har tinzen alwer by de dingen fan 'e dei…
Se glimke.
Fjirtich jier! In moaie tiid. Alhoewol…
Drok, drok, drok.
No wiene se, maaie, 21 jier troud west
en se wie ien-en-fjirtich jier.
Wat hie se dy jierren fol doel belibbe.
Se hie de bern bidden leard.
Se hie harren in boel nei 't sin dien,
om't se op har rekkenen
en om't se it harren sa graach nei 't sin dwaan woe.
Dan gienen har tinzen wer oars om, as nijs.
Dochs wol fertritlik, sa'n malle winter.
En nei dizze pop fielde se har sa apart, sa frjemd.
Krekt as drige der wat.
Se gie nei de skuorre.
It jaske hie se oer it wollen fest.
"'K kin wol oant klaaien bliuwe," sei se tsjin harsels.

**2**

Jûn mar net te let op bêd, tocht se.
Dan soe 't moarn wol oer wêze.
Doe't se it kealle boarne dien hie,
stie se noch efkes nei dat moaie jongfé te sjen.
Der wiene no ek reabunten by, mei in pear reabun.
Moai fé! En sjeder, dy blauwe!
"Efkes Bene roppe!"
Hy wie der daliks.
En hy bewûndere har jongfé ek.
Se hie it fan har heit kocht.
Al soe dat keapjen fan syn dochter wol wat
op in sêft pitsje setten hawwe,
tocht har man laitsjend wei.
Se gie yn 'e hûs.
Dat wurch gefoel koe se net.
Frjemd fûn se dat.
't Die suver sear, tocht se.
"Ans mar efkes lizzen gean?"
Nee, dochs mar net.
Aenst de bern, brochje ite, sliepe!
Se gie mar ris in kear bytiids lizzen.

Dochs sliepte se ûnrêstich.
Hearde se dêr de keallen? De wytrekken?
Blau en reafé fokte se doch —
om’t se allinne swart fé yn ’t lân net moai fûn…
Dan dreamde se wer.
En sliepte.
En switte.
Dan wer wie se yskâld.
De oare deis moast de dokter komme.
Troch de dikke snie kaam er oan stifeljen.
It weintsje hie er by de earste boer (by de plasse)
ûnderdak set.
It hynder krige ek ûnderdak.
Dokter joech in drankje.
Fierder sei er: “Rêste.”
Oeke en Kimme diene de húshâlding.
De pop wie oan ’t fleske.
Heit kaam allegeduerigen by ’t bêd te sjen.
Faak wie se helder.
Dan wer slepte se.
En kreunde.
De koartskleur hie se yn ’t gesicht,
de koartsgloed yn ’e eagen.
Har man frege dokter:
“Is der gefaar? De pop is goed sân wike
en se wie altyd sa’n trochsetter.”
Dokter loek oan ’e skouders.
“Gean mar by har te stomen,” sei er.
“Is it gjin longûntstekking?” frege er kjel.
“It hat der folle fan,” sei dokter earnstich.
“Se is in sterke frou,” sei er doe.
Bene beluts derfan
en rûn mei de dokter nei de hikke ta.
“Dag,” seinen se.
Se giene elk in kant út.
Dokter nei oare siken.
De jonge boer nei hûs, nei syn frou…
De striid duorre njoggen dagen.
Dokter kaam en gie.
Mar se hâlde it net mear…
’t Wie foarby.
Doe lette de deaklok:
Febrewaris 1902.

**2a**
De maaityd kaam.
De mem seach it net mear.
It jongfé kaam bûten!
Skiep mei de lamkes.
Noch wat ûnwennich fan ’e stâl.
Alles boarte en draafde troch elkoar hinne.
De sinne skynde al dagen.
Wie it in útdaging?
Om’t der safolle lege plakken kaam wiene
yn dizze barre winter.
Ek yn ’e plasse wiene in pear deaden fallen.
Ut de húshâlding fan Sipke Jelstje.
Se wie sa faak west te bidden by Bene Doy,
de roazekrans derby.
Letter stiene de bidprintsjes by alle buorren
op ’e spegel.
Ast it weefgetouw stil stiet…
En Doy syn warbere hannen stiene ek stil.
De bliere geast fan har leauwen
hong noch yn ’e hûs
en oeral wer’t se te hâlden wie.

*Uitleg: Dit stuk beschrijft het leven van een boerin rond 1902: haar dagelijkse zorg, mildheid voor anderen en haar toewijding aan gezin en boerderij. Na de geboorte van haar kind wordt ze ziek tijdens een strenge winter en sterft na negen dagen — vermoedelijk aan longontsteking. Terwijl de lente begint en het leven op de boerderij doorgaat, blijft haar afwezigheid voelbaar. Het fragment ademt vergankelijkheid, geloof en de stille hardheid van het boerenleven.*

-Yskâld, wie hja. Gjin mins die 't het begripe scoe, tocht hja.
Omt har kleur hwet opset wier, altyd al. Allegear bedrog!
Hja wist het. Tagelyk wie hja d'r blüd om. Dèt frisse yn
har wangen. Lokkich, wie 't net foartgien, hoechde hja ek gjin
ûtlix to dwaen op praet fen 'e minsken! „Jo binn smel wirden frou."
As: „jo sjoche d'r mar wer goêd ût, frou." Der kaem alde Roêl nog
mei, 't bakje efterom... Hoe wie 't mooi lik. „Miskien wie 't ne
iens mear sa kald" tochte hja. Roel kaem hjir, al jirren. „Dèt sa sjoch
sei er. Syn reis wie nimmen forgees by de lèbste pleats yn 'e plasse
Kofje hie hja ek altyd wol. Hja frege den: „kofje? Gean efkes by de
kachel;" sei se dèn. Hy kwikte d'r suver fen op. Wol hjo een
pear berwosken readde busdoeken met hâruwe?" sei hja.
Tagelyk, lei hja al hwet, op syn bakje. Sokken? Dèt er
nog bej? sei er. Ja, jèr, sei se. Hja hâlde him altyd 'n bytsje
mei yn 'e klean en yn 'e bûsdoeken. Noflik, wie dèt, sei er faak.



2 Joun mar net to let op bed (tocht hja) Din scoe t moarn, wol oer wêze
Doe t hja 't kealle boarnen dien hie, ske hja nog efkes nei dêt
moaye, jongfé to sjen. Dêr wierne no ek reabûnkn bei, mei een
pear reabûnt terjek (Wytrechen), nog. Moaij fé! En sjedêr die blauwe! Efkes
Bene roppe! Hy, wier d'r daliks. En hy bewûndere „har" jongfé
ek Hja hie 't fen har heit kocht! Al scill der dêt keapjen
fen syn dochter wol hwet, op 'n seft pitsje, setten hawe, tocht
har man laitsjende wei.
Hja gie yn 'e hûs. Dêt wurche gefoel koe hja net. Frjemd,
foun hja det. 't Die sûver sear." tocht hja...
Aenst, mar efkes lizzen gean? Né, dochs mar net. Aenst de bêrn, brögge ik
Sliepe! Hja, gie mar es, een kear bytieds lizzen!
Sa gie dêt. Dochs slêpte hja ûnrestich. Hearde hja dêr
de kealen? De wytrechen? Blau en reafé, fokte hja dochs?!
Omt hja allinnich swart fé yn 't lân, net moaij foun......
Den dreamde hja wer. En slêpte. En switte. Den wer, wie hja ys-
kâld. De oare deis moast de dokter komme. Troch de dikke snie
kaem er oan stifeljen. 't Weintsje hie 'r, by de earste boer, (by de
platte) ûnderdak set. (Het hynder krige ek ûnderdak.)
Dokter joch, 'n drankje. Fjidders, sei er: „restte."
Oeke en Kimme, diene de hûshalding. De pop wier oan 't fleske!...
Heit kaem allegeduerigens by 't bed to sjen! Faek, wie hja helder, den
wer slepte hja! En kreunde. De koartskleur hie hja yn 't gesicht
De koartsglôêde yn 'e eachen. Har man frege dokter: „Is er gefaer"?
De pop is goed sawn wike, en hja wier altyd sa 'n trochsetter!
Dokter lock oan 'e skouders! Gean mar by har, to stomen," sei er.
't Is dochs gjin longûntsteking? frege 'r kjel.
't Hat er folle fen," sei dokter. Hy seach, earnstig.
„Hja is een sterke frou," sei er doe.
Heit, Bene beluts erfen. En rown mei de dokter nei de likke ta.
Dag," seine hja. Hja giene elts 'n kânt ût... Dokter, nei oare siiken
„De jonge boer, nei hûs, nei syn frou...
De striid, duorre njoggen dagen! Dokter kaem en gie.
Mar hja, hâlde 't net... 't Wie foarbei!
Doe lette de deaklok!!! ~~Jannewaris~~ Febrewaris 1902

2a De maytyd kaem!
De mem seach 't net mear
't Jongfé kaem bûten!
Skiep mei de lamkes
Noch hwet unwennich, fen
de stâl! Alles boarte en
draefde, troch elkoar
hinne. De sinne
skynde âlle dagen.
Wie 't, een ûtdaging?
Om 't er safolle, lege
plakken kaem wiene?
Yn, dizze barre winter
Ek yn 'e plasse wiene
'n, pear deaden fallen
Ut de hûs hâlding fen
Sipke Jelsje. Hja wie
sa faek west to bidden
by Beine Doy. De rouze-
krâns, d'r by. Letter
stiene de bidprintsjes
by âlle bouren op 'e
spegel. As 't Weef-
getouw stil stiet......
En Doy's warbre
hannen, stiene
ek stil.
De fliere geast fen
har Leauwe hong
nog yn 'e hûs en
oerâl, wer 't hja
tahalden, hie.



